

PHILIPPUS BREUKER (RED.)

Oerbleaune Rimen en Teltsjes

FAN DE BRUORREN HALBERTSMA

BORNMEER

Dizze útjefte is ta stân kommen mei stipe fan:

Provinsje Fryslân

Jacob Krol Fûns, yn behear by Stifting Frysk Akademyfûns

Halbertsma Stichting

© 2025 Philippus Breuker | útjouwerij Bornmeer

Foarmjouwing: Barbara Jonkers

ISBN 978 94 6471 378 7

NUR 524

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige en/of iepenbier makke wurde troch printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker wize ek, sûnder dat dêr skriftlike tastimming oan foarôf giet fan útjouwerij Bornmeer, Hellingbaas 1, 8401 JH De Gordyk, Nederlân – info@bornmeer.nl.

Bornmeer is in ymprint fan

20 leafdesdichten en in liet fan wanhoop bv

www.bornmeer.nl



YNHÂLD

WURD FOARÔF	7
YNLIEDING	8

TEKSTEN		39
EELTSJE	<i>Celui qui veut ce livre steelen</i>	41
EELTSJE	<i>Brullofts winsch oon Zijtze en Doet</i>	44
EELTSJE	<i>Libje wol forjit uwz net</i>	47
EELTSJE	<i>Strontpraatsjes of Fragmenten uit een Ziekenexamen van Dr. E.</i>	48
EELTSJE	<i>Boudine</i>	52
EELTSJE	<i>Liederen om gezongen te worden, op de bruiloft van doctor Eeltje Halbertsma en mejufvrouw Boukje Fockens</i>	53
EELTSJE	<i>Uwz Gysbertomme</i>	57
EELTSJE	<i>Blieuw fier fen mij [mei] al dijn franjen</i>	61
EELTSJE	<i>Zeer geachte vrienden!</i>	63
EELTSJE	<i>It libbenspaad. Twiske Saekele in syn soantje Oepke</i>	68
EELTSJE	<i>Fromme friesen lieauwe lieuwe</i>	71
EELTSJE	<i>It leaste gleaske</i>	73
EELTSJE	<i>Foarjit uws net</i>	75
EELTSJE	<i>goeden joon snoor</i>	76
EELTSJE	<i>Master Gabbe fen Jobbegae</i>	77
EELTSJE	<i>Der is in stemm' ijn eltse blom</i>	79
EELTSJE	<i>[rymkes by in heiling]</i>	81
TSJALLING	<i>Ratelwagts Nieuwjaarswens aan de inwoonders van Grouw</i>	83
TSJALLING	<i>Ratelwacht's Nieuw-jaars-wens, aan de inwoonders van den dorpe Grouw</i>	87
TSJALLING	<i>Aan Grouster op- en ingezetenen zegt heel de Ratelschaar: Salut!</i>	90
TSJALLING	<i>Vasten avonds postlied voor alle kristen klanten van Harmen</i>	94
TSJALLING	<i>Nieuwjaars-wensch van de ratelwagt, te Grouw, aan in- en opgezetenen, voor het jaar 1831</i>	96
TSJALLING	<i>Vasten-avond postlied, aan alle klanten van Harmen, postlooper te Irnsum, 1831</i>	99
EELTSJE	<i>In wirdtje oardeheal oer it hirdsijllen</i>	102
EELTSJE?	<i>Houthalen</i>	107
EELTSJE	<i>Welgelukzalig in het nieuwe jaar</i>	109
JOAST	<i>Op ien merkedei</i>	110

TSJALLING	<i>[ynkompleet Rattelwachtsnijjersrym]</i>	111
TSJALLING	<i>Postloopers Vastenavonds-wensch! 1833</i>	113
EELTSJE	<i>Melancholie</i>	115
TSJALLING	<i>Vastenavonds Koekkoekslid van Harmen de post, aan baron, heer, boer en burgerij van Rauwerderhem, Idaarderadeel en verdere natuurgenoeten</i>	117
TSJALLING	<i>Waagbillet</i>	119
TSJALLING	<i>Grouwster Ratelwacht's Nieuwjaars-wensch, voor den jare 1835</i>	120
TSJALLING	<i>Nu rijm ik recht, dan dwars, nu kort, dan lang</i>	122
EELTSJE	<i>Gij vraagt mij om St pieter goed</i>	125
EELTSJE	<i>Drie raadsels van Schiller</i>	128
EELTSJE	<i>[rimen foar de eigen bern by humoristyske tafrielen]</i>	131
EELTSJE	<i>Poppenspel</i>	133
EELTSJE	<i>Rosa</i>	135
TSJALLING	<i>De verliefde koekkoek of Maartezang</i>	137
EELTSJE	<i>Kermis bovenal!</i>	139
EELTSJE	<i>Johanna Fisk Halbertsma</i>	140
EELTSJE	<i>Koekkoek</i>	141
EELTSJE	<i>Fieouwerhondert jier foardat de fiskwijfen</i>	143
TSJALLING	<i>Ratelwagts zegenwensch in het nieuwe jaar aan het volk van Grouw</i>	147
EELTSJE	<i>Aan Tjalling. 1839 1 Januarij</i>	149
EELTSJE	<i>Eenige variaties op de muzijk van Ernst en Vrugt</i>	151
EELTSJE	<i>Mores Hungarici aef de Frieantjeter studinten</i>	156
EELTSJE	<i>Een kwart eeuw agter Botholm te leggen</i>	160
EELTSJE	<i>Oer it humeur</i>	162
EELTSJE	<i>Heilwensch</i>	164
EELTSJE	<i>Weag briefke</i>	166
EELTSJE	<i>Ik wensch de vrienden al te gaar</i>	166
EELTSJE	<i>Iets over de Pigna-Plant</i>	168
EELTSJE	<i>Dahlia</i>	174
EELTSJE	<i>Ernstige betrachtungen over den Nieuwjaarsdag 1846. De Grouwster Ratelwensch voor ieder</i>	176
EELTSJE	<i>Christenmensch</i>	181
EELTSJE	<i>Polka-Bitter</i>	184
EELTSJE	<i>As de pot nog is den wird er fen it fieor set</i>	186
EELTSJE	<i>Oppe sulveren brullofte fen uws freunen Ljkle in Neeltje</i>	191
EELTSJE	<i>[stik by 'Mostert nei de mjiltijd']</i>	193
EELTSJE	<i>Kalmuk de vrome Koning van Edom</i>	195

WURD FOARÔF

De *Rimen en Teltsjes*, it sammelwurk fan de Halbertsma's, hearre ta de klassiken fan de Fryske literatuer. It is al mear as oardel iuw lyn dat se foar it earst útkamen, en al waarden se faak werprinte en ek wol oanfold, alle literêre dichten en stikken fan de bruorren binne dochs net útjûn. G.A. Wumkes hat yn syn werútjefte fan 1918 in lytse tweintich tafoege en letter J.P. Wiersma yn sinen ek noch in pear. Beide jouwe gjin ferantwurdiging fan har kar fan de oanfollingen, mar socht nei wat der noch oer wie, ha se grif net. Dêrfoar blike der noch fierstente folle ûnbekende teksten te wêzen. Ik ha dat by myn werútjefte út 1993 ek net dien en doe jûn wat der yn de lêste útjefte stien hie. No ha 'k der al om socht. It sykjen levere in goeie sechstich nea of nea wer printe teksten op. Op in hiel lyts stikje fan Joast nei giet it om stikken fan Eeltsje en Tsjalling. Se rinne fan 1812 oant 1857. Dêr binne ek de Nederlânsktalige teksten by. Dy steane net yn de *Rimen en Teltsjes*, dat is in Frysk boek. Sa is mei dizze útjefte dan einlik it literêre wurk fan de Halbertsma's mei men oannimme kompleet beskikber.

De nije teksten jouwe oanlieding ta in pear ynliedende skôgingen oer it plak Grou yn it ûntstean fan it wurk en oer de fraach wannear't it Frysk yn de njoggentjinde iuw in taal waard om yn te skriuwen en te lêzen. Ek krijt de ferhâlding tusken Eeltsje en Tsjalling omtinken. Dy wie net altyd sa goed. Mar de haadsaak bestiet út de útjefte fan de teksten sels mei by elk hieltyd taljochtsjend kommentaar. By it besprekken ha ik in soad profyt hân fan de brieven fan en oan de bruorren en har bern, dy't ik in fjirtich jier lyn yn kopy fan rûnom wei byelkoar brocht hie.

Neifraach fan Tjerk Halbertsma, de sekretaris fan de Halbertsmastichting, by de leden hat gjin ûnbekende teksten mear oan it ljocht brocht. Akke Miedema-Tjallema fan it museum 'It hert fan Fryslân' yn Grou hat my holpen by it riedplachtsjen fan foar myn doel tige brûkbere hânskriften fan Sijbe de Vries en de soasjeteit *Tot Nut en Vermaak*. Ik tankje beide graach foar alle muoite dy't se dien hawwe.

Boazum, juny 2025

YNLIEDING

De Halbertsma's hoege amper yntroduksje. Se wienen as skriuwers mei har trijen, Joast de frisiomaan, sa't Eeltsje him neamde,¹ dy't de swetten fan de taal- en folkskunde fan it Frysk safier útlizze soe, Eeltsje de dokter, en Tsjalling, dy't bûterkeapman wie en lid fan Provinsjale Steaten waard. In fjirde soan, Binnert (1795-1857), waard bakker. It wienen de bern fan bakker Hidde Joastes Halbertsma (1756-1809) en Ruurdsje Tsjalling Binnerts (1767-1809), beide ek Grousters.

Der wie in soad kontakt tusken de trije, ek oer har wurk, wat by Eeltsje en Tsjalling ek maklik gong, omdat se beide yn Grou wennen. Kontakt mei Joast wie ek gjin probleem, want se briefken drok mei elkoar. Hy wenne yn Deventer. De briefwiksel is foar in belangryk part bewarre bleaun.

De skriuwers hienen de namme dat se graach gekoanstekke mochten. Sa stjoerde Tsjalling Joast yn 1832 in satirysk stik oer de lju dy't er yn it earste nûmer fan it troch him opsette tydskrift *De Roeker* omraak geweken nommen hie, mei de fraach oft dy it goed fûn dat er it publisearre en hy sei derby:

Ik geef U in bedenking om het stuk op zijn Jeltema's² alias
gemaakt in het stads uit te geven om de verdenking op de
Halbertsma's te ontgaan.³

Eeltsje (1797-1858) wie dat ek net frjemd, mar hy wie alderearst in gevoelich dichter. Syn elegyen binne altyd it moaiste fûn.⁴

Fan begjin jierren tritich ôf blike oant de ein ta Nederlânsktalige stikken foar te kommen, ek guodden dy't net foar in spesifyk Nederlânsktalich selskip makke binne. Dy steane op ien nei net yn de *Rimen en Teltsjes*, mar yn dit boek namste mear. De útsûndering is it gedicht 'Het rietmuschje', dat Joast yn it hânskrift fan Eeltsje yn it presinteksimplaar fan de grutte *Lapekoer* fan 1834 foar mefrou Rengers-Calkoen fan Epemastate byfoege. Hy skreau derby: 'Hjir is 't hânschrift by fen it ienigste Hollandsce rymke, dat myn broar de Dokter ea makke het'.⁵ Dat kloppe doe al net, en letter noch minder, sa sil wol blike.

By dy Nederlânsktalige teksten binne inkele tige moaie of ynteressante fan Eeltsje, lykas de lyryske gedichten ‘Melancholie’ en ‘Dahlia’, it politike hikkeldicht ‘Kalmuk de vrome Koning van Edom’, syn oprop ‘Aan Tjalling’ om frede mei him te sluten en it teare blyk fan berneleafde ‘Poppenspel’. Mar ek by syn Fryske stikken sitte ferrassingen.

Syn typysk Grouster wurk – dat binne de stikken dy’t er foar selskippen yn Grou foarlies of foar Grousters makke – nimt yn dit boek in frij grut plak yn. Dat is ek it gefal by Tsjalling, waans wurk yn haadsaak ‘Grousters’ is.

Fan Joast ha ik ien nij stikje fûn. It measte hie er sels al yn de *Rimen en Teltsjes* publisearre. Doe’t er it yn 1863 safier krigen hie, dat it wurk fan Eeltsje en him yn in samle útjefte opnij útjûn wurde soe, hat er der ek noch nije stikken foar skreaun, lykas it mânske ferhaal ‘It grouwe pak’. Wat der oars noch oan Frysk wie, hawwe J.J. Kalma en Y. Poortinga yn 1971 útjûn yn *Fluit en doedel-sek*. Fansels binne der dêrneist noch Joast syn tsientallen beskôgjende stikken oer in grut ferskaat fan ûnderwerpen, mar literêre fiksje is der net by. Se binne hast allegearre yn it Nederlânsk. In part is troch J.J. Kalma útjûn yn de bondel ‘*Kent gij Halbertsma van Deventer?*’ (1969).

Trije Grouster rigen

Ut de âlde *Rimen en Teltsjes* wurdt men der net folle fan gewaar, mar dat de Halbertsma’s ek rimmen foar de Grouster rattelwacht en foar de Grouster weachmasters skreaun hawwe, komt der al yn út. Yn de *Rimen en Teltsjes* fan 1871 steane ien foar de rattelwacht foar 1842 en twa foar de weachmasters foar dat jier en foar 1843. Dêr binne yn de útjefte fan 1993 fiif foar de weachmasters út de jierren 1837 oant 1841 by kommen en twa fan de rattelwacht, ien út 1841⁶ en in oaren út 1845. Dat is dus meielkoar njoggen. Utsoarte binne dy allegearre yn it Frysk. Oars soenen se net yn de *Rimen en Teltsjes* stien hawwe.

Dêr kinne no tsien oan tafoege wurde, te sizzen ien foar de weachmasters út 1834 en njoggen foar de rattelwacht út de jierren 1828 oant 1846, en boppedat noch fiif fan in rige foar postrinner

Harmen Koekkoek. Dy lêsten binne rimen út de jierren 1830 oant 1838. Dy fiif binne allegearre yn it Nederlânsk.

Sa wurdt it byld fan dizze trije soarten rimen hiel oars. Se binne net út de jierren 1837 oant 1845 oerlevere, sa't de *Rimen en Teltsjes* fan 1993 se hawwe, mar respektivelik al fan 1828, 1830 en 1834, einigjend yn 1846. Der hawwe jierren west dat se alle trije útkamen. Dat wie fan 1834 oant 1838. Dêrmei wurdt dúdlik dat, folle mear as út de *Rimen en Teltsjes* blike kin, it eigen doarpslibben in grut plak yn it wurk fan de bruorren ynnimt. In oar nij ynsjoch is, dat der hast twa kear safolle yn it Nederlânsk as yn it Frysk oerlevere binne. En in tredde punt is dat se allegearre fan Tsjalling en Eeltsje binne. Tsjalling begong dermei, mei al dizze trije soarten, mar Eeltsje naam se op in bepaald stuit oer. Dat sy se skreaunen mei dan foar de hân lizze, sy wennen ommers sels yn Grou en dat die Joast net, mar it is dochs fan belang om fêst te stellen dat dat ek wier sa blykt te wêzen. It binne dichtstikken fan rimers út eigen doarp. Sy hearden sels by it doarpsfolk dêr't se se foar skreaunen, Joast al lang net mear.

Rattelwachtsnijiersrimen

Fierwei de measte stêden yn ús lân hienen al ier in rattelwacht. Der wienen in oantal lju by belutsen. Sy moasten nachts foar de feilichheid soargje. Se rûnen de hiele tiid it plak troch en kleppen om it healoare mei har rattels. Ek it doarp Grou hie in rattelwacht. Dy bestie al yn 1781.⁷ It gong my te fier om krekt út te sykjen hoe't de rattelwacht syn plak yn it bestjoersapparaat hie en hoe't er betelle waard, mar ik tink dat er ûnder grytman en gerjocht stie en dat dy in akkoart mei de belestingbeteljende ynwenners fan it doarp sletten hienen. Mei de revolúsje fan 1795 keazen de Grousters op útnûging fan de munisipaliteit, dy't doe it bestjoer fan de gritenij foarme, fjouwer kommittearren foar nachtwacht en lantearne-opstekkers.⁸ Nei de tiid sil de âlde sitewaasje wol wer werom kommen wêze.

Rattelwachtsnijiersrimen hawwe der iuwen west. Se wienen rjochte oan bestjoer en boargerij. Om wat by te fertsjinjen makke ien sa'n gedicht foar har, dêr't de mannen dan mei by de huzen lâns gongen om wat jild, of miskien wie it ek wol sa, dat wyk of

doarp byelkoar kaam om se meielkoar te hearren. Wa't wat joech, sil dan wol sa'n rym krigen hawwe.

Ut Grou is sels al in nijjiersrattelwachtsrym út 1784 oerlevere. Wa't it skreaun hat, is net bekend, mar it sil in Grouster west hawwe en in Grouster dy't doe dichte wie de heit fan de bruorren! Miskien hat hy it dus west. Safolle dichters sille der doe net yn Grou west hawwe, en seker net sokken dy't mei al har heechdravendheid wolris yn in lange sin fersûpten. It is yn itselde 1784 skreaun en hjit 'Rhijnlands traanen gestort ter gelegenheid van den schrikkelijken ijsgang en deerniswaardige overstrominge in Gelderland, voornaamelijk in Maart 1784'.⁹

Ik nim it rattelwachtsrym hjir oer, ek al, omdat bliken dwaan sil dat Tsjalling Halbertsma it letter kend hawwe moat.¹⁰ It hat ek al deselde opbou as de lettere nijjiersrimen.

Ratelwachts Nieuwjaars-wensch aan den hoog welgebooren
heere Cornelis van Scheltinga, grietman over Idaarderadeel;
enz. enz., als mede aan de burgers en inwoners in den dorpe
Grouw, voor den jare 1784

Wie moet, Jehovah God, U niet langmoedig noemen,
Wie kan U, en Uw naam, na eisch, na waarde noemen¹¹
Wie moet, volzalig God, met harte en met mond,
Niet dankbaar weezen, Heer, in deezen morgenstond:
Gij hebt voor 't Oorlogs-vuur¹² ons en ons land beveiligt,
Ons Tempelen bewaard, waar in Gij word geheiligd;
Zoo dat elk, Opper-Heer, U dienen kan in vrêe,
Met vrouw en kinderen, in 't bloeiend Grouwster Steê:
Voorwaar in deeze tijd, een zegen van den Heere,
Aan wien elk schuldig is, te geeven lof en eere,
In deezen morgenstond, met leeraars al te zaam,
In onze Tempelen, te looven daar zijn Naam:
Te bidden aan den Heer, aan Jesus, onzen Koning,
Dat Hij dog neêr ziet uit Zijn vlekkelooze wooning,
Op ons uit menschen liefde, en niet straft; schoon verdiend,
Maar met ons handelt als een nabuur met zijn vriend:
Dan zal God uit genâe, ons dank, ons beê, en smeeken,

In dit ons bloeiend Grouw, en ook ons Leeraars Preeken,
 God wezen aangenaam, en komen voor zijn Troon,
 Gereinigt in het bloed, van zijn geliefden Zoon:
 Dan zal elk in ons Dorp, van groot tot klein floreeren,
 Ja, dan zal Neêrlands God, den Opper-Heer der Heeren,
 Als God van Israël, voor ons in bresse staan
 Zoo lang de gulde Zon, verlicht de Zilv're Maan:
Hoog Edele Officier, ons Hoofd, en Kroon en Leeven
 Wie zou U, Heer Grietman, geen Lof en Eere geeven,
 Voor alle moeite en zorg, die gij doet vroeg en spaâ,
 Voor Groot en Klein, in Grouw, *Hoog Edele Scheltinga*:
 Elk is verblijd van vreugd, in dezen vroegen stonde,
 Dat hij met blijdschap mag, Uw lof en deugd verkonden,
 En dat hij wenschen mag, den God als Zegenaar,
 Dat hij U, *Scheltinga*, mag spaaren jaar op jaar;
 Dit is de Zugt en Beê, ook van Uw Ratelaaren,
 Van 't bloeiend Grouw, Eel Heer, God spaar Uw veele jaaren,
 Tot nut van Land, en Kerk, en van *Idaard'radeel*,
Hoog Edele Scheltinga, ons Grouwster Pronk-juweel:
 Een wijsheid niet bij maat, maar uit een vollen Hooren,
 Geef! God U, *Scheltinga*, Wel Edele Gebooren,
 God zij veel jaaren lang, Uw Schutsheer van rondsom,
 Hier namaals ook bij hem, in 't Zalig Heiligdom:
 Uw Edele *Mevrouw*, Uw *Dochters* en Uw *Zoone*,
 Bewaar God als zijn oog, wil God met gunst bekroonen,
 En laat die bloeijen, Heer, aan Uwe *Disse* staan,
 Als Kroonen van Uw Huis, dan uit en inne gaan:
 Het waard het Edele *Recht* van het *Idaard'radeele*,
 Die elk zijn tot een schuil [in wurd, dat ûnlêsber is] en niet
 verveele,
 En tot een troost, en hulp, van Weêuw en Wees eenpaar,
 Stort God zijn zegen op, van 't een en ander Jaar:
 Laat zij de Cieraads-Kroon, van *Regte Richters* draagen,
 Tot hoogen ouderdom, na Uw wil welbehagen,
 En dan na Uwen Raad, hier uitgediend haar tijd,
 Haal gij haar op, ô Heer, daar nimmer eeuw verslijt:
 Ons *Leeraars*, Heer, bekleed met Carmels heil-cieraaden,

Met 't Sneeuw-wit Bruilofts-kleed hier reeds bij ons op aarde,
Laat zij als *Herders* steeds in bresse altoos staan,
Wanneer een Wolf, een Schaap van haare kudd' rand aan:
Laat door haar Preek, en Leer, zich veelen doch bekeeren,
Tot roem van Uwe naam, ô Zalig Opper-Heere,
En laat te zijner tijd, zij met haar kudde ingaan,
En van U al te zaam het Bruilofts Kleed ontfaan:
De Koopman hier in Grouw, den Burgerij te gader;
Den Zee- en Handswerks-man, weest gij , ô Abba Vader,
Een Zegenaar bij dag, bij nacht, en avondstond,
Op dat elk uwen lof, met dankbaarheid verkond':
Dit is de Wensch, en Beê, van Uwe Ratelaaren,
Die in den duisteren nacht, ontziene geen gevaaren,
Noch regen, wind, of sneeuw, maar houden wacht getrouw,
Voor Huis, voor Haaf, en Goed, voor elk die woont in Grouw:
Gods Almachtshand, Gods oog, die zij elk dan ten goede,
Geef niemand ramp, noch kruis, maar uit genâe voorspoede,
Te water, en te land, van 't een en 't ander Jaar,
Dit is de Harte-wensch van Uwe Ratelaar.

RATELWACHTS NIEUWJAARS-ZANG

1.

God des Vreedes, geeft ons Vreede
Uit Uw vaderlijke hand,
Op 't zilte nat in Dorpen, Steeden,
Door het gantsche Nederland.

2.

Zegent hoog en laag Persoonen,
Koopman, Amptman, Landman al,
Wil ons met heil bekronen,
Hier beneên op 't aardsche Dal.

3.

Zegen elk in zijn handteering,
Wees ons Waker in den Nacht,

Geef veel Winsten, geef veel Neering,
Dit wenscht Grouwster Ratelwacht.

Te Leeuwarden, Gedrukt by Johannes Seydel, Boekverkooper op
den hoek van de Koningstraat. 1784.¹³

Dit is fan de Grouster nijjiersrimen ien dy't op himsels stiet. Fan earder binne se der net en de earste dy't fan neitiid oerlevere is, is ien fan 1828. Auteur is dan Tsjalling.

De Grouster rattelwacht. Trije ha in rattel, ien in bel. Twa binne al sa âld, dat se mei in stôk rinne. It is net bekend wa't har tekene hat. Omdat de tekst ynklusyf de tekening útjûn is by Eekhoff yn Ljouwert, sil dêr de tekener wol socht wurde moatte. Eksimplaar fan museum 'It hert fan Fryslân' te Grou.

Dan folgje alle jierren in skoftlang mear. Se binne oerlevere fan 1828 oant 1846, mar net fan alle jierren. Sa ûntbrekt dy foar 1840. Mei dy foar 1841 is wat aparts oan de hân. Fan Tsjalling is der dan net ien oerlevere, mar fan Eeltsje al. Dy stiet op namme fan E.H. as 'Nijjierswensch foar 1841' yn de *Rimen en Teltsjes* fan 1871.¹⁴

Tsjalling skreau yn desimber 1840 oan Joast:

Eekhof zal u wel een N.J.wensch gezonden hebben. Het is een navolging uit de volkscalender van Steffens 1841 door mij aan Doctor opgegeven.¹⁵

Dat sil slaan op dit rym. It is in twaspraak tusken de wachtman en it nije jier, en dêrmei hiel oars as dy fan Tsjalling. Om dy ôfwikende foarm en om it foarkommen fan de goadin Hertha, dy't yn Dútslân bekender wie as yn Fryslân. It gedicht is ek as planoblêd oerlevere. De auteur neamt him dêr Jacobus Langius, Poeta Laureatus. Eekhoff joech him út. Dy liet der in printsje fan de wachtman en it Nijjier boppe sette.¹⁶ Wol stjoerde Tsjalling Joast yn oktober 1841 in eksimplaar, nei't ik oannim ien fan himsels. Botte folle goeds liket er net fan syn eigen stikken fan de rattelwacht fûn te hawwen, want hy hat it oer 'haar Jaarlijks gereutel', al kin dat

fansels ek mar falske beskiedenheid west hawwe of mar yndekken tsjin de mooglike krityk fan Joast.¹⁷ In moanne letter skreau er oan Joast, dat dy noch neat oer it rym sein hie. ‘Is de toon nog goed?’¹⁸

Stel dat it yndied in rattelwachtsgedicht fan him west hat, dan kin sein wurde dat dat foar ’t neist net publisearre is. Der is teminsten gjin spoar fan te finen. Wol is foar 1842 in rattelwachtsdicht fan Eeltsje oerlevere. Dat is de ‘Grouwster rottelwagts Nyjierswisch, foar it jier 1842’.¹⁹ Nijsgjirrich is dat dy yn de oarspronklike ferzy ûndertekene is mei Aloff Deddes Rijmersma, mar yn de *Rimen en Teltsjes* mei E.H. Dy oarspronklike ferzy is útjûn by Eekhoff yn Ljouwert.

Hat Tsjalling Eeltsje dan frege om it fan him oer te nimmen? Yn alle gefallen liket wol wis, dat dit Tsjalling syn lêste literêre stik west hat. Der is fierders neat mear fan him oerlevere en nei de neamde brieven heart men dêr ek net wer fan literêre aktiviteit fan him.

Ek de rattelwachtsrimen foar 1842, 1843 en 1846 binne fan Eeltsje.²⁰ Yn har opset om allegear lju achter elkoar lok te winskjen, te begjinnen mei de grytman, slute se oan by de stikken fan Tsjalling, mar fierder binne se hiel oars. Knoffelichheid sit der net yn en se binne metrysk en strofysk.

Eeltsje hie ek al folle earder in rym op de rattelwacht makke. Dat is opnommen yn de *Lapekoer* fan 1829 en sil wol net folle earder skreaun wêze. Dat is apart, want doe hie Tsjalling ek al ien foar de rattelwacht skreaun. Dy wie alhiel yn de trant fan it rattelwachtsnijiersgedicht út 1784 en sa soenen dy fan de folgjende jierren fan him ek wêze. Eeltsje sines is lykwols hiel oars. Syn gedicht is in bewurking fan ‘Der Wächterruf’ út J.P. Hebel syn *Alemannische Gedichte* (earste pr. 1803). Hat Eeltsje him distansjearre fan Tsjalling syn bewurking fan it ûnderwerp?

Fan nei 1846 binne noch rattelwachtsrimen foar 1851 en 1852 oerlevere,²¹ mar dy lykje my net fan Eeltsje. Beide folgje se wol de bekende opset fan grytman oant skippers, mar se binne, om fan him te wêzen, my te nuet fan toan. Dat fan 1851, dat printe is, begjint mei:

Het oude jaar is weer daar henen,
’t Is met lief en leed verdwenen,
’t Nieuwe zijn wij ingetreen,
Opgeruimd en wel te vreen.

It oare, dat yn hânskrift is, iepenet mei:

Deez’ dag, den eersten dag van ’t jaar,
Geluk en wensch van de Ratelschaar,
’t Zij U allen toegebragt,
Met goed meeni[n]g van ons hart.

Neist Tsjalling en Eeltsje is der noch in tredde Grouster dy’t nijjiersrimen makke. Dat is Sijbe Gerbens de Vries, grif deselde dy’t ûnder it rattelwachtslied foar 1830 stiet. Hy stoar yn 1844, 77 jier âld. De Vries wie oerwurkmakker, mar hy skildere en tekene ek.²² Ek wie er behelle yn de weagerij op Grouster merke.²³

Fan syn nijjiersrimen binne njoggen bewarre. Se datearje út de jierren 1833 oant 1844.²⁴ Se binne oan de rân fersierd mei kleurige tekeningen fan dingen as blommen, skippen en portretten. Sokke printen, want dat binne dy winskbrieven eins, waarden ek wol foarbedrukt yn ’e hannel brocht,²⁵ mar Sijbe makke se dus noch alhiel sels.

It kurieuze is, dat dy nijjierswinsken fan Sijbe krekt sa opset binne as de rattelwachtsnijjiersrimen fan Tsjalling. De hiele Grouster mienskip wurdt dêr rang foar rang in goed nijjier yn tawinske, te begjinnen mei de grytman en assessoare fan Idaarderadiel. De fraach is dus wa’t wa neidocht. Ear’t ik dêr in antwurd op besykje te jaan, lit ik earst sa’n dichtstik folge. Ik kies dêrfoar dat fan nijjier 1837, omdat Tsjalling dat blykber krigen hat. Neffens in oantekening yn syn hân op de achterkant fan it blêd die hy dat kado oan syn omkesizzer Tsjalling fan Joast.

Lykas alle nijjiersrimen fan Sijbe de Vries is it tige knoffelich fan taal.

NIEUW JAARS WENS

Waarde vrinden ik doen Uw Wensen
Met Aan Vang Van het Nieuwe Jaar
Heil bij God en Vreed bij Mensen
Als Gods Zeegen op Uw Daale
ik Wens Als Uw Negosie Aan Mag Groejen
en de Koop Handel Meer Mag Bloejen
het is tot Nut der Maat Schappei
en tot Steun voor Arbeids Lui
de Heer Griep Man Hoog Van Waarde
en Asses Sooren Van Hooge Rang
Den Heeren Notaris en Secretaris te Grouw
ik Wens Als de onder danen Uw Sijn Getrouw
en doen na de Wil des Heeren
dat is Mijn begeeren
ik wens Als God ons Mag behoeden
voor Storm Wind en teegen Spoeden
in den Zeeman Mag behouden Vaaren
die Met Scheepen op de Grote baaren
en bringen Neerland voordeel aan
ik wens Als den Heer ons mag Geeven
Geluk en Zeegen in dit Leeven
het Zij Koop Man boer en Akker Bouw
en den Heer ons Al behoede
Hier Al in den Dorpe Grouw

Den 1 Januarij 1837

Sijbe G. De Vries

Om no te kommen op de fraach, wa't wa neidien hat, it liket my ta, dat Sijbe in foarbyld nommen hat oan de nijjiersrimen fan Tsjalling. De nijjiersrimen fan beide binne knoffelich, mar Sijbe koe net oars en Tsjalling woe net oars. By sekuer ferlykjen fan de nijjiersrimen fan har beiden soe wol bliken dwaan kinne, dat Tsjalling ek wolris wat oars oernaam as it knoffelige út dy fan De Vries. Oars as Tsjalling rjochtet Sijbe him yn syn earste rigel ek altyd ta 'Uw

allen', 'Waarde Vrinden' of sokke oantsjuttingen, krekt as makket hy syn gedichten foar bepaalde lju en folt er dan syn ferhaal oan mei wat er yn de rattelwachtsrimen fan Tsjalling fûn. Hy sil mei oare wurden mear as ien eksimplaar makke hawwe en dy om wat jild by goeie kunden oanbean hawwe. It seit yn dit ferbân lykwols ek wat, dat it âldst bekende rattelwachtsnijiersrym fan Tsjalling útjûn is as ien fan Sijbe de Vries.

Dat soe betsjutte kinne, dat Tsjalling him neidie. Mei dy neifolging waarden foar Grouster lêzers Tsjalling sines noch dwazer as se al binne. Dan hienen se net allinnich de gek mei de rattelwacht, mar ek mei Sijbe Kunst, sa't er neamd waard. Ek dy Grousters, sa moat men wol ferûnderstelle, hienen likefolle nocht oan ûnnocht as Tsjalling sels. Sijbe sil der yn it each fan de Grousters net folle oars om wurden wêze. Dat moat in man west hawwe, dêr't se dochs al wat de gek mei hienen.

Festeljûnsrimen fan Harmen postrinner

In oare rige fan rymstikken dy't in skoftlang alle jierren útkamen, wienen de festeljûnsrimen fan Harmen, de postrinner út Jirnsum, dy't wy yn de foarige paragraaf al kennen learden. Gewoanwei brocht er kranten en de post, ek yn Grou, mar op festeljûn rûn er grif by de huzen lâns om jild, jierren oanien. Dat blykt út mear as ien fan de gedichten op him. Te finen yn Hs 929, Tresoar.

Sokke rymstikken binne oerlevere fan de jierren 1830 oant 1836, op dat fan 1832 nei. It hat lykwols wol kâns dat Tsjalling se yn 1825 al makke. Eeltsje skreau doe teminsten oan Joast:

Wij hebben onlangs bij Gerlof Pieters [Vollema] die voor de derde keer trouwde een zeer koddige bruiloft gehad, waar Tjalling zijne Rommelpotbravoures vertoond heeft.²⁶

As Harmen mei de rommelpot rûn, seach er der net suterich út, lykas oars mei syn skieppegrauwen mûtse oer it iene eachslid al.²⁷ Hy hie dan in skoatjas oan, wie útdost mei in steek mei bellen en in sabel²⁸, en song dan in simpel lietsje by de rommelpot. Folle mear as 'bingeltje, tingelingeltje, kiviet, wiets, roekoekoe, koekoek en haboe' hat syn sjongen net ynholden. Hy sil mank west hawwe,